

Fersier in Fers!

Bent u een creatief of kunstzinnig type? Of hebt u de ambitie dat te worden? Dan is dit iets voor u. In verband met de 75e editie van FeRstival schrijft het *Friesch Dagblad* in samenwerking met het Cedin en it Skriuwersboun een extra wedstrijd uit: *Fersier in fers*, oftewel versier een vers.

Wat is de bedoeling? Kies één gedicht uit de gedichten op deze pagina die het *Friesch Dagblad* voor u heeft uitgezocht. Neem een regel, een strofe, het volledige gedicht mag ook, en verwerk dat op een kunstzinnige manier. Voorwaarde: het gedicht of een deel daaruit moet in het kunstwerk letterlijk terug te vinden zijn. U kunt daarbij denken aan kalligrafie of aan een illustratie waarin het gedicht letterlijk plek krijgt. Een fotografiekunstwerk mag natuurlijk ook. De schepping kan een object worden van papier-maché, van keramiek of vilt, een borduur- of houtsnijwerk, maar ook een melodie maken op een van deze gedichten, of een melodie of filmpje is zeker een optie. Een jury nomineert de mooiste inzendingen. Uitslag: 1 december, ruim twee weken voor de finale van FeRstival.

De genomineerde kunstwerken worden tentoongesteld tijdens de finale van FeRstival op 16 december in de foyer van het PosthuisTheater, samen met de genomineerde kunstwerken van de junior-editie van deze prijsvraag. Na de pauze is de prijsuitreiking van Fersier in Fers. Van beide edities gaan de makers van de drie mooiste kunstwerken naar huis met een geldprijs. De winnende kunstwerken worden daarnaast gepubliceerd in het *Friesch Dagblad*. Na afloop van FeRstival verhuizen de mooiste werken voor zes weken naar het *Friesch Dagblad*, waar ze tot 31 januari 2018 in het NDC-gebouw te bewonderen zijn.

Meedoen? Mail voor 20 november 2017 een scherpe foto van uw kunstwerk in hoge resolutie naar fersierinfers@gmail.com. Vermeld in de mail uw naam en adres inclusief telefoonnummer en leeftijd (minimaal 18 jaar). Ook is het belangrijk te vermelden dat u meedoet aan de senioreditie.

Wille

De mosk yn 'e moudige' reedsjes' is gjin dei fan syn fretten wis mar net ien fan dy skiere' proleetsjes dy't by God fergetten is.

Ferjou my, myn freonen en sibben' mei jim soarch en alwittend ferstân dat ik yn dit fûgelfaai libben my fermeitsje as in mosk yn it sân.

Fedde Schurer (1898-1968)

moudich mul
reed laan
skier grijs
sibben bloedverwanten

tsien lytse miniteantsjes litte har bliid fersiere litte de kidelgerskes fan de iere maitiid

two grutte fuotten wádzje' der súnder erch oer hinne

besykje it paad werom te finen

Hindrik van der Meer (1938)

wádzje waden

Nei al dy jierren

Wat wit ik fan mysels nei al dy jierren, wat haw ik sjoen dy tûzen kearen dat ik foar de spiegel stie? Alles, tichteby en ek fan fierren, haw ik plak jûn yn it boek dat oan 'e ein myn libben wie. In trou ferslach fan minsken, tiden, dingen mar wat is trou oan 't haadstik oer mysels? Hoe faak ha 'k dwaande west myn wierheid te ferkingren en jildt dy fraach allinne my, of giet dat sa mei elts?

Hoefolle dagen hat in minske nedich om ien goed te dwaan hoefolle spikers moat er krije om ien op 'e kopt te slaan hoefolle oeren wol er sykje om te finen hoefolle frijheid om himsels oan ien te binen? Hoefolle pine te fernearen en romte om te kearen en nei 't kearen dochts itselde einbeslút: Hoefolle kanten it ek op koe, út is út.

Wat rjochting ha 'k mysels útstoere litten, en wat foar paden haw ik oaren wiid en die dat der wat ta? Wat kin ik oan mysels noch reparare, of bin 'k te wurch om dat no noch te dwaan en haw ik sicht op dingen dy't der oan mankeare? In fiif wie 'twijfelachtig' en, dat sifer soe 'k my jaan.

Hoefolle dingen ha 'k net heard of sjoen en field of prean en rûkt hoefolle mooglikheden ha 'k foar minder as de helte brúkt hoefolle tiid fan al myn tiid haw ik fersomme en moat de helte fan wat komme soe noch komme? Hoefolle neilitten te learen en hie it sin te kearen en nei 't kearen dochts itselde einbeslút?

Elk libbensliet is foar de helte wier altyd te licht, altyd te swier en oan 'e ein misse der hiele stikken út.

Rients Gratama (1932-2017)

In Memoriam

I

Ik rop syn namme tsjin de simmersee, syn leave namme rop ik tsjin de brekkers', hy hat jim kend, o trive skombekkers, jou my beskie', skoodkopje net fan nee: is hjir yn wetter, ljocht en wyguetwir' net in nei-ebjen fan syn stim bewarre? dy hege skatterlaits, och mocht it barre him wer te hearren, iennis klonk er hjir; yn dizze weagen' hat hy stoed en geid' de brating kletsend tsjin de gene ribben, hjir boarte er yn it brús' en like it libben ien lange roes fan fleur en feestlikheid; hjir groef er grêften, stie er strampeloer' te bouwen oan syn brêgen en kastielen, en kaam de floed om alles sjocht te spieren, hy joech it nei in fûl gefocht pas oer; see, wie syn lûd dy net te goed om we? lit ienkear noch dy bernegjalpen beare' ... mar 't is omdôch', dyn tijen meie keare, syn tij' keart net, syn mûle is stom tenei.

Douwe Tamminga (1909-2002)

brekkers branding
beskied antwoord
wyguetwir wervewind
wegeren golven
geis skutters
brús schuim
strampeloer wijdbeens
beare voorwenden
omdôch tevergeefs
tij getij

Ham*

toe skelte no net mei myn bêste jurk oan toe skelte no net mei myn bêste jurk toe skelte no net mei myn bêste toe skelte no net mei myn toe skelte no net mei toe skelte no net mei toe skelte no net mei toe

R.R. van der Leest (1933)

*ham: afbliven (ongebruikelijk)

Ut seepokkehout

Noch út it seepokkehout fan 'e jutters bist, it riedsel lyk út 'e bek stapt, as ik it sis. List fuodcasten' efter. Eftes, sei de see. Oant stjerren dy tille, hiflje ik dy op 'e hân.

List, ek ast langút leist, yn de yn- en útflis fan tekens spoaren nei. Hoe breed is de wei, hoe smel wat al kin en wat net - bist as de slûpske kat, lûkend nei de kobben' oer it sân.

Léste, leafste weach yn alle ivichheid: do rôlest dy út oer de deklaach fan it strân by lampeljocht, as waard it noait wer moarn. Mar de tijen keare, sizze skulpen en skom.

Fan skipbrek bliuwt dit boechbyld oer: earm hout, dat oanspielt yn in nofter' lân. Sjoch, der jese draken' yn 'e loft. En do konst de warring' oer, om de wrâld yn te gean.

Abe de Vries (1965)

Fuotleest voetafdruk
Kobbe zilvermeeuw
Nofter nuchter
Draak vlieger
Warring gangboord

Jo hear dy't foar it oanbegin

by Psalm 90

Jo, Hear, dy't foar it oanbegin fan tiid en plak bestiene, de bergen komt gjin dei yn 't sin dat Jo der noch net wiene. Jo giene oer de ieuwen wiid mei generaasjes troch de tiid.

In minske rekent mei de dei. Foar Jo dy't ivich binne is tûzen jier in amerj, in glimke fan de sinne. Mar allemins op ierde krijt in kromke fan jo ivichheid.

In minske libbet mar sa koart. Oek, lit him net ferkomme foardat er bloeid en siddet hat as finnegers fol bloommen. Ien dei ta eare fan de wrâld is tûzen jier yn jo ûnthâld.

Eppie Dam (1953)

Hjerstedei

It is wer efkes wennen oan elkoar, de hjerst en ik. Wy ha inoar ek yn sa'n skoft net sjoen en rekke. Hy treft my oan noch brún en lekker waarm fan sinne en sudewyn. Ik sjoch him yn 't gesicht. Hy waait my 't hier los en de eagen skjin. Warber begjint er 't himmeljen fan útbleoid blommegod, útgroeid blêdespul, en set de spinnen oan ta drokker spinnen. Rûkt wier de hjerstwyn alle jierren sa nei rûkersguod? En spjelt er altyd âlde en neare tinzen fuort?

It went alwer. Wy meie elkoar wol lije: hy mei syn wyldde en syn dimmen' riten en ik, him net wanlyk'. Fan jier op jier begjin ik mear op him te lykjen.

Tiny Mulder

dimmen deemoedig
immen net wanlyk wêze:
uiterlijk sterk op iemand lijken

Wolken blaze

Ik blaas de wolken like hurd werom hâld tiid en lûd yn eigen hân kilbij' moarnsdiize oan 'e reiden dat kij driuwe oer greiden en de simmer duorret

yn sêft potlead bewarje ik de dei as relyk fan wat noch even is fandelje ljocht en kleuren bynoar de rook fan moarnsbetide hageblom' foar gammele dagen yn novimber

hiemfêst wiest al net ûngeduerich as in aaisiik hin altyd ûnderweis nei griener gers, datst gean soest stie wol fêst mar moast dat no dizze simmer...

ha dy net tekene yn koal of kryt soest omdôch myn langst' mar lógje', yn 't ûnthâld stiet beitele yn granyt foar no en novimberdagen

Henk Nijp

kilbij kleven
hageblom bloesem van de meidoorn
langst verlangen
lógje opklaaien

Sil ik

Yn 'e sinne en ûnder in beam rin ik as yn in dream, rin ik dûnsjend as in fear sa licht. En it is krekt as witte inkelid mar myn skonken dat sa frij myn rinnen is.

Myn holle fielt hearlik leech, mar dan yniene fol mei in kriendend wyt fan wjukken yn 'e fierte. In fûgel pylinik plat yn read fan eangst en sear leit op 'e dyk.

En as ik dêr aanst bin, doch ik dan krekt as sjoch ik neat, slút ik myn each foar dat wanhopich wjukkeljen en dûnsje ik fierder yn myn dream oan dy wrakseling foarby?

Of bûch ik my en sil ik dan mei sêfte hannen drage, krekt as by in stikje ierdbeitartaat dat net fâlde mei. En dat it letter thús dan stadich stûl wurdt yn in doaze en dea.

Elske Kampen

Al myn libbensfreugden

Al myn libbensfreugden sitte yn de prunusbeam mei in inkelid giel blêd dat trillet,

Yn de wolken dy't út it studen it loffrom' lâns skowe.

Yn de blommen fan de attinsje' dêr de sinne op skynt.

It is de ljochtskyn fan it wetter dat yn de leie' stiet.

De tyljens' geur fan de rûchskerne' yn it foarjier.

It sjongende lûd fan de rotgânzen op de waad.

Mar it is ek memme fleurige jonkheid' sa't hja meinoar yn de moanneskyn de opeart del ride'.

It is heite bliidskip as er yn de poezij fan de dichters syn leafde belibbet,

It is pake en beppe ljochte útgong as hja hân by hân de jonge maitiid yn 'e mjitte gean.

O, en faaks is it eat fan de dream fan de fromme'

As er de ingels har blanke wjukken' iepen tearen' sjocht.

Obe Postma (1868-1963)

loffrom luchtruim
attinsje hortentia
leie ondiepe, brede, oude geul in weiland
tyljens weeg
rûchskerne mestvaalt
jonkheid jeugd
ride schaatsen
fromme vrome
wjukken vleugels
iepen teare openvouwen